

Assepoes-bloes

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2001

wêrom moat se my altyd pleagje?
ik doch gjin minske wat oan
wêrom moat se my altyd hawwe
ik woe dat dat út wie foartoan

wêrom moat se my altyd peste?
hoe krij se dat foar elkoar
wêrom moat se my altyd kliere?
ik bin dochs net minder as har

stil mar leaf bern, moatst net janke
it komt wier op in dei wol wer goed
do bist in hiel aardich fanke
fertrou mar op ús, ha gjin noed

wêrom moat ik altyd wurkje?
wêrom moat ik alles dwaan?
wêrom kin ik noait wat krije?
en moat ik altyd alles jaan

stil mar, do bist net allinne
wy libje mei dy tige mei
wolsto in kear dûnsje kinne
dan helpe wy dy wier wol op wei

ik wol fan wille wer laitsje
genietsje, dat wol elkenien
nimmen kin my noch wat meitsje
al bin se ek noch sa gemien

© Doede Veeman